



## De Fryske Marren

**Moasje frjemd oan de oarder fan de dei: ynlûken VVGB yndustrysânwinning Iselmar**

Riedsgearkomste

12 maart 2019

Moasje frjemd oan de oarder fan de dei: yndustrysânwinning Iselmar

De rie fan de gemeente De Fryske Marren yn gearkomste byelkoar op 12 maart 2019

Oerwaagjende dat:

- De gemeenteried fan de Fryske Marren op 13 febrewaris 2019 it beslút nommen hat om gjin yndustrysânwinning yn it Iselmar ta te stean;
- De befolking him dúdlik tsjin de foarnommen yndustrysânwinning útsprutsen hat;
- De troch de provinsje Fryslân ferliende *ferklearing fan gjin beswier* oanfrege is troch it Kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders fan de gemeente De Fryske Marren;
- Dizze ferklearing no gjin feitlik doel mear tsjinnet;
- Dizze ferklearing ynlutsen wurde kin as B&W fan gemeente De Fryske Marren hjirta it fersyk docht.

Draacht it kolleezje op:

- om yn de line fan it op 13 febrewaris 2019 nommen beslút fan de gemeenteried fan de Fryske Marren om net mei te wurkjen oan yndustrysânwinning yn it Iselmar, de provinsje Fryslân binnen 14 dagen skriftlik te fersykjen om de troch harren ferliende ferklearing fan gjin beswier yn te lûken;
- De gemeenteried hjirfan skriftlik op de hichte te bringen.

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner(s)

Gerda de Vries – Suierveld, út namme fan de FNP de Fryske Marren.